LEEUWARDER COURANT
22 oktober 2013, pag. 18

tegast

Op 'e barrikade foar passende nammen

Op 20 maaie 2010 stjoerde it d.s.-kolleezje syn 'Evaluaasje notysje Streektalen' ta oan provinsjale steaten. Neffens dy evaluaasje 'geeft het Bildt aan, weinig actief beleid te voeren met betrekking tot de Bildtse taal'. En koartby, yn augustus, kaam ûnder de Biltsktalige namme 'In 't spier foor 't Bildts aigene' de folslein Hollânsktalige Kadernota cultuur 2014-2018 út.

Yn de riedsgearkomste fan 17 oktober stie de Hollânsktalige 'Fusie noordwest Fryslân' op 'e wurklist. Yn de tekst wie it oars tsien kear fan Noordwest Fryslân en ek in kear fan Westergo, de Hollânsktalige, tydlike wurknamme dy't b. en w. foar de nije mega-gemeente útstelden. It kolleezje like der finaal mei oan te wêzen. De rie woe hiel oars. Nei in koart tuskenskoft wie de riedseale 'ienriedich': Noordwest Friesland (de PvdA-wurdfierder), Noordwest Fryslân (syn CDA-kollega), Noardwest-Fryslân! (immen op 'e tribune). De útkomst wie Noordwest-Fryslân. (LC 18 oktober)

Mar:

1. Noordwest-Fryslân soe min ofte mear by Zuidwest-Fryslân passe, mar it is no ienris fan Súdwest-Fryslân.

2. Noordwest-Fryslân is in trijetalige namme: Noord (Hollânsk), west (Biltsk) en Fryslân (Frysk).

3. Noardwest-Fryslân soe nûmer twa wêze yn in rige Súdwest-, Noardwest-, Noardeast- en Súdeast-Fryslân, mei Midden-Fryslân tusken de fjouwer yn.

Fiif nammen der't gjin rook noch smaak oan is, fiif nammen sûnder in sprankje fantasije. Se soene likegoed nûmere wurde kinne as de acht Ljouwerter Vegelindwersstrjitten: earste gemeente, twadde gemeente ... fyfte gemeente.

Sa't de eardere gemeente Wûnzeradiel ieuwen lyn nei it doarp Wûns neamd wie, sa't Littenzeradiel yn 1980 syn namme fan Easter- en Westerlittens krige hat en sa't Jan Schotanus fan Easterwierrum de súdwesthoekster gemeente Warnzeradiel nei it doarp Warns neamd hawwe wollen hie, sa hie Peinzeradiel - Peins, in doarp yn Frjentsjerteradiel - de wurknamme fan de mega-gemeente yn de noardwesthoeke wurde kinnen.

Yn it gefal fan Gaasterlân-Sleat, Lemsterlân en Skarsterlân hawwe bestjoerders doelberet in Hollânsktalige wurknamme foar har nije fúzjegemeente útsocht, Friese Meren. En yn de noardwesthoeke hâlde bestjoerders fan Frjentsjer, Menaam en St.-Anne it by mearheid fan stimmen doelberet op de Hollânsktalige wurknamme Westergo foar ús takomstige gemeente. Yn beide besteande - en meiertiid faaks oare - gefallen wurde sadwaande Friezinne en Fries twongen om op 'e barrikade eigentalige, by folk en lân passende, gemeentenammen te beävesearjen.

Dûbel wurk sadwaande. Fan wat minder nocht oan ûnnocht en wat mear ferdraachsumens oan hollânsksinnige kant soe de maatskippij net minder wurde.

BERTUS JANS POSTMA
BITGUMMOLE

FOTO JILMER POSTMA